

Dêr't neat fan oan is,
komt ek gjin praat fan

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Expositieruimte

Petra Dijkstra maakt van brugwachtershuisje 'kleinste galerie van Nederland'

Pagina 3>



Iepenloftspul

Kommende simmer in tragysk-muzikale fertelling yn notaristún yn Jorwert

Pagina 7>



Wandelen voor water

Met opbrengst sponsorloop krijgen 222 kinderen in Nigeria schoon drinkwater

Pagina 11>

Boargemaster De Vries fan Súdwest-Fryslân besiket alle 89 kearnen yn gemeente 'Mei-inoar foarút tinke om it gebiet leefber te hâlden'

Snits – By har op de wurkkeamer hinget in kaart fan de gemeente mei speldekoppen yn ferskillende kleuren. De kaart jout oan wêr't boargemaster Jannewietske de Vries fan Súdwest-Fryslân yn de ôfrûne moannen al op besite west hat. De Greidhoeke is noch sa goed as leech. Mar dat feroaret de kommende tiid. „Ik kom del”, seit se.

Troch Hinne Bokma

Nei har ynstallaasje as boargemaster, op 27 septimber 2018, stelde De Vries har as doel om in besite te bringen oan alle 83 doarpen en seis stêden yn de gemeente. „Om mei de minsken yn 'e kunde te kommen. It binne prachtige besites”, sa jout se oan. Mei fertsjintwurdigers fan doarpsbelang makket se in rûntsje troch it doarp. Se hat ûnderwilens 30 kearnen hân, der binne de kommende moannen noch 59 te gean.

Iepenloftspul

Op 11 april docht De Vries bygelyks de doarpen Boazum, Wiuwert, Britswert en Easterwierrum oan. No is it fansels net sa dat de Greidhoeke, it eardere Littenseradiel, foar de boargemaster in ûnbekend gebiet is. Fanút har wenplak Raerd is it maklik te befytsen. „De mienskipssin is grut yn it gebiet”, sa wit se út eigen ûnderfining. Al



Boargemaster Jannewietske de Vries: 'De mienskipssin is grut yn de Greidhoeke'

Foto: Hinne Bokma

leit Jorwert net yn har gemeente, se hellet it wol oan as foarbyld fan in doarp mei in sterk mienskipsgemoel. De Vries hat in tal jierren foarsitter west fan it Iepenloftspul Jorwert. „Yn Jorwert ha't mear leard as alle management-kursussen mei-inoar.”

„Hoe tille wy it gebiet op, hoe hâlde wy it leefber? Dat wol ik graach fan de minsken hearre. It freget dat wy mei-inoar foarút tinke”, sa seit De Vries. Ek de doarpen yn it eardere Littenseradiel krije te meitsjen mei krimp. Hoe komt it mei de skoallen en oare foarsjennings?

Belangrike tema's binne ek de tsjerken, de doarpshuzen, de ferkearsfeiligens en duorsumens. Yn dat ferbân neamt de boargemaster ek de karakteristike wenningen en pleatsen. It binne gebouwen, dy't net maklik te ferduorsumjen binne. In belangryk tema is

de wenningbou. Súdwest-Fryslân komt ynkoarten mei in wenfyzje. „Der binne mooglikheden foar de doarpen om te bouwen. Mar dy moatte wol fûn wurde yn de besteande romte. Doarpen geane net op slot”, jout De Vries oan.

Ambassadrise

De boargemaster fielt har in ambassadrise, dy't de gemeente sa goed mooglik presintearje wol. „Ik hâld fan it lânskip, it erfskip, de mienskip en it ûndernimmerskip. It is echt de moaiste gemeente fan Nederlân. De minsken binne hjir hiel tefreden, sels it tefredenst fan alle Friezen, sa blykt út resint ûndersyk.” Sels is se ek bot ynnommen mei har nije baan. „Boargemaster fan Súdwest-Fryslân fielt as thúskommen”, sei se yn septimber by har beneaming. „Sa fielt it noch altiten”, seit se in heal jier letter. „It fielt hiel natuerlik.” Fyftjin doarpen fan it eardere Littenseradiel meitsje sûnt 1 jannewaris 2018 diel út fan Súdwest-Fryslân. Neffens boargemaster De Vries is de yntegraasje oant no ta harmonieus ferrûn. „Ik hear net fan de ynwenners dat de ôfstân te grut is”, seit se. En soe dat al sa wêze dan heard se it graach tidens de kuier troch de doarpen. „Ik stel alle kearen twa deselde fragen oan de ynwenners: wêr binne jimme grutsk op en wêr lizze jimme wekker fan?”

Lof Súdwest-Fryslân voor DeSkoalleseize

Easterein - Stichting De Skoalleseize in Easterein, die in het dorp het sportpark beheert en exploiteert, krijgt voor haar werk alle lof van de gemeente Súdwest-Fryslân. De Skoalleseize is een voorbeeld voor andere sportverenigingen in Súdwest-Fryslân, zo vindt wethouder Gea Wielinga. „Heel mooi hoe het dorp en de verenigingen het met elkaar oppakken”, aldus de wethouder.

Door de grote betrokkenheid en inzet van de stichting en haar vrijwilligers hoeft De Skoalleseize geen beroep te doen op de

onderhoudsdienst van de gemeente. „Dit is een mooi voorbeeld van 'Nim it oer'”, merkt Wielinga op. „Dat is het project waarbij we bekijken of inwoners taken kunnen overnemen die tot dusver door de gemeente werden gedaan. De bewoners krijgen niet alleen de verantwoordelijkheid, maar ook de financiële middelen.” De meeste sportverenigingen in Súdwest-Fryslân betalen de gemeente een vergoeding voor het gebruik van de sportvelden. Voor grasvelden is dat bijvoorbeeld 1200 euro per jaar en voor kunstgrasvelden 2400 euro per jaar. Daar kunnen inkomsten

tegenover staan, bijvoorbeeld als een vereniging zelf onderhoudswerk doet. Met De Skoalleseize is nu afgesproken dat zij niet betaalt voor het gebruik. Ze ontvangt jaarlijks een bedrag van 24.000 euro van de gemeente voor alle onderhouds- en renovatiewerkzaamheden op en om het sportpark, inclusief vervanging van het kunstgrasveld. De afspraak vloeit voort uit eerder beleid van de voormalige gemeente Littenseradiel, waarvan Easterein tot 2018 deel uitmaakte. Wielinga: „Littenseradiel had de financiën voor de buitensportaccommodaties goed op orde.”

Wachten op eerste zwaluwen



Met het vullen van de laatste nestgaten door jeugdleden van de Fûgelwacht Wommels e.o., Fûgelwacht Easterein en Natuurmonumenten werd op vrijdag 29 maart de oeverzwaluwwand bij de vogelkijkhut Swyns op It Skrok feestelijk in gebruik genomen. Het idee van de zwaluuwand werd in het voorjaar van 2018 geopperd tijdens de ledenvergadering van de Fûgelwacht Wommels. Voorzitter Teade de Boer van de vogelwacht vond het dan ook heel bijzonder dat de wand een jaar later al klaar was. Voor de realisatie deden de initiatiefnemers een beroep op diverse instanties. Op de foto de drie jeugdleden in actie. Van links naar rechts Senna van der Deen namens Natuurmonumenten, Rutmer Jisse Joustra van de Fûgelwacht Wommels en Sander Velzen van de Fûgelwacht Easterein. Foto: Hinne Bokma

15 t/m 20 april
Voorverkoopweek
Bij deze Op 'e Skille
onze infofolder

zwembad de klomp

kom nei Wommels... sport, kultuer en ferdivedaasje

26 maaie 2019

Greidhoeke kuiertocht en Wommels yn beweging op 'e Terp
Beachvolleybal, Muorrekeatsen, Ynteraktive fuotbalmuorre, Fytstocht, Kuiertocht, hurddraven en noch folle mear / www.komneiwommels.nl